

Kritelûd



2 novimber 2024

"Klaes Westra"

*It komt wer foar 't ljocht
en diskusje oer de takomst
yn De Schalle*



1919 SJOUKE KOOPMANS MODE MEPPEL 2019

LEXIS notarissen 

Meppel

Brouwersstraat 8

0522 25 28 50

www.lexisnotarissen.nl

notariaat / estate planning / echtscheiding

FRYSK SELSKIP "WALING DYKSTRA" MEPPEL E.O.

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors Pongh.: Edzer Kooistra
Veendijk 37 Logten 13
7971 RP HAVELTE 8431 KR EASTERWALD



Waling Dykstra
gipsgravure fan
Pier Pander

Lid fan it Frysk Boun om Utens

Fan'e foarsitter

It jubileum

Tiden hawwe wy der mei om tize. Soene wy it wol helje? Nei 2019 wie it ôftellen. Hoefolle leden? Hoefolle minsken yn it bestjoer? Hoefolle jild? Hoe sit it mei it karbrief? Dêr binnen is altyd wol in útflecht. "Yn de gefallen dêr't it karbrief gjin ljocht oer jout, beslút it Kritebestjoer, ûnder ferantwurdling fan de A. G. oer". Sa ha wy besletten dat it sittende bestjoer sitten bliuwe soe oant we de 'hundert hellen'.

Sa waard it ôftellen. Eins hiene wy der mei ús allen – leden en bestjoer – wol nocht oan. Wy wiene net mear dy grutte Krite, mar in hantsjefol Friezen om utens. In steltsje Calimero's. Op'e râne fan lid en gjin lid fan it Boun. Net út prinsipe, mar om't it net trochjûn wie troch de 'knip fan 2009'. Wy hiene gjin leden dy't der fan âlds by wêst hiene. Dochs kamen wy stadich oan tichter by it Boun.

Dan komt ek it besef dat men it allinnich net rêdt. Mei 50 leden wurdt it net sa'n grut feest en ek it programma soe passe by it budget.

It programma

Dat waard us yn'e skoat smiten. Wy hjitte net foar neat "Waling Dykstra". Mar dat is it krekt. In namme is in namme. Men stiet der net by stil. Oan't Martha, ien fan ús leden, op it aljemint kaam mei it iepenloftspul yn Makkum. Sa kamen wy yn'e kunde mei "Zandleven Coatings" yn Ljouwert. Mei de famylje Dijkstra. "Jo sprekke mei de Fryske krite Waling Dykstra út Meppel". "Is dat sa? Nea fan heard. Is dat sa?" "Sil bêst. Wy besteane ek

noch mar hûndert jier” “Jo sprekke mei Waling Dijkstra. Ik bin in oerpakesizzer”.

Genoch info om mei Jan Bijkerk, de foarsitter fan it Boun kontakt op te nimmen en te freegjen: Soe dat wat weze foar de Moeting- en Ynspiraasjedei fan it Boun? It Boun seach der wol wat yn. Sa kaam it baltsje oan it rôljen. It Boun naam it idee oer en sette it op’e wein.

16 maart 2024

Dy moarns wie de hûnderste Algemiene Gearkomste fan it Keninklik Frysk Boun om Utens en wy mochten as gastkrite fungearje. It ferslach fan de A. G. fine jo op it eigen plak.

Nei it skoft gie it Boun fierder mei de jierlikse Moetings- en Ynspiraasjemiddei. Lykas de foarsitter fan it Keninklik Boun oankundige wie it tema fan dy middei “Waling Gerrits Dykstra (1821-1914) - Frysk skriuwer, dichter, foardrachtskeunstner, ensfh. ” Foar ús koe it net better. In moaier kado koe it Keninklik Boun ús net jaan

Wy hiene ûnderwilens ek noch lokwinsken krigen fan ús boargemeester Richard Korteland. Dy’t oanjoech dat elts minsk rjocht hat op’e memmetaal en fierders bedriuwen en ynstellings fan Meppel oprôp de Fryske Krite “Waling Dykstra” rom te subsidiearjen.

It wurd wie doe oan de oerpakkesizzer fan Waling Dijkstra. Oan Abe de Vries dwaande mei syn promoasjeûndersyk oer Waling Dykstra en dy’t alles op in rychje sette koe. En oan Goffe Jensma -- folút: emearitus heechleraar Fryske Taal en Letterkunde oan de Universiteit fan Grins dr. Goffe Jensma - dy’t it spul yn ‘e stokken hâlde. In koarte delslach fan wat oan’e oarder kaam ha jimme al lêze kinnen yn it Kritelud fan 16 maart 2024.

Moai wie ek dat de fryske deputearre foar taal ensfh. Eke Folkerts der wie en dat net allinne, hja hie ek har Heit en Mem meinaam. Ek dy hiene skoften “Friezen om utens”west.

Dêrnei iepene de foarsitter fan it Keninklik Boun ús jubileumfeest. Eins wie de oergong net te fernimmen. Sa goed as eltsenien siet al yn seal. Ek de trije ynlieders fan de Moeting en Ynspiraasje wiene útnoege.

Nij wiene Jitske Kingma en Piter Wilkens. Om spraak en muzyk wat ôf te wikseljen waard it opkommen fan Piter Wilkens yn trijen knipt Dat joech ek romte foar de Krite om de besite wolkom te hjitten. It is mar ienkeer feest. En hûndert jier wurde dogge je mar ien kear.

Tank oan alle leden fan it bestjoer fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. Tank foar de wize wêrop dat se by ús de skouders der mei ûnder setten ha. Dank oan Goffe, Abe en Waling foar de wize wêrom dat se nei ús geëamel heard ha en soarge foar in programma dat stiet as in hûs.

Tank oan “Uitgeverij Elikser” en foaral Jitske Kingma foar de wize wêrop dat de bôltsjes út ús bingokoer te plak rôle binne
In ferhaaltsje oer it jubileumboekje stiet fierderop.

Jitske hat it earste eksimplaar útrikt oan Waling Dykstra – gewoan syn namme stie der op.

It twadde eksimplaar wie foar deputearre Eke Folkerts. De partij dy fynt dat de boarger foarop stiet.

Dêrnei wie Jan Bijkerk oan set om in boekje oan te bieden oan Goffe Jensma en Abe de Vries. As lêste krigen Jan Bijkerk en Kees van der Beek dizze earste útjefte fan it bestjoer. It lêste boekje wat it bestjoer te ferjaan wie oan Leny Altena, mar hja kriich earst in bosk blommen. Hja hie it boek al sjoen en har namme stie op de ôftiteling.

Underwilens hie Piter Wilkens ús op ferskate wizen meinaam troch it muzikale lânskip Hy ferstiet de keunst om jin mei te nimmen op reis en jin diel te meitsjen fan’e tekst. Yn it “bloeske mei de blauwe knoopskes” is men de jongfaam dy’t wol mei in knoopke minder ta koe – of ien mear – of de jongfeint dy al in jûn foarút dwaande is. Ek yn de “Fryske boeresoan” komt men jinsels tsjin as súksesfol boeresoan/dochter, yn elts gefal as authentike Fries. Yn “as je yn Liwarden geboren binne, kin je it wel fergete” sette we de registers fierder iepen en sjonge we de misêre fan ús ôf.

Hy hat in iepen blik en nimt jin mei op reis. Yn’e tiid fan’e individualisearring en de artyst dy’t neat oars as syn eigen ego de wrâld yn blaast komt Piter Wilkens mei in harmoanysk lûd en it boadskip “Ik begryp dy”.

Yn it skoft dernei kaam ik allinne “famylje” tjsin. “Wat wie it dochs moai”. Wy wiene Friezen mei mekoar.

Ik tink dat it iten goed smakke. Op syn Frysk: Ik ha gjin klachten hân.

Tank oan eltsenien.

In twadde hûndert jier sil der fêst net yn sitte.

Tige tank ek foar de prachtige foto’s fan Sjoerdsje Bijkerk. Wy soene der dochs eins noch wat mei dwaan moatte. Hja binne yn elts gefal te finen op de hiemside fan it Keninklik Boun.

Ludzer van der Schors,
foarsitter

“Klaes Westra”

*It komt wer foar it ljocht
2 novimber yn De Schalle*



Twa pakesizzers reflektearje oer it wurk fan de Fryske kabaretier Klaes Westra en bringe syn ferskes en sketsen wer yn it sintsje, oanfolle mei nije ferskes en grappen en âlde famylje oantinkens.

Klaes Westra wie yn de jierren 1950 en 60 kabaretier, sjonger en akteur. Hy en syn selskip reizgen troch de provinsje mei syn konferinsjes en lieten. Eltse Fries koe syn melangoalyske "Plakje grûn" en op feesten dûnsen se op "Djip yn'e Wâlden". Maatskiplik kritysk wied er ek mei konferinsjes as "Harke fan de fûgelwacht" oer it ljipaaissykjen en "De swalker" oer minder konsumearjen!

No, sa'n 75 jier letter, hawwe syn pakesizzers Aeltje Walsma en Gea Verhaag (dy't no sels tige betûfte artysten binne) al dat moaie materiaal fan lieten en konferinsjes fan de souder helle. Se hawwe in programma makke mei syn âlde sketsen en lieten, en ferrike mei eigentiidske fynsten dy't der prachtich by paste.

Mear ynformaasje

Mear op Facebook (www.facebook.com/p/It-komt-wer-foar-t-ljocht-100027942715729/).

Datum en plak

Datum: sneon 2 novimber 2024, 20:00 oere jûns.

Plak: Doarpshûs "De Schalle", Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen, till.
0522 - 491422.

Yntree (ynklusyf 3 konsumpsjes): € 6,50 foar leden, € 16,50 foar net-leden.

Hoe no fierder: diskusje oer opheffing of net

Op dizze jûn wolle wy ek wat tiid ynromje foar in mieningspeiling, sjoch by "Fan'e bestjoerstafel".

Ferfier

As der minsken binne dy't it ferfier wat nuodlik fine, dan graach by it bestjoer melde. Lyksa wurde minsken socht dy't helpe wolle by it ferfieren fan leden.

Tige tank

Oan eltsenien foar de goede wurden.

Tige tank.

Allinne al foar dat jo der wiene.

Tige tank foar de jeften út it in rom hert.

Benammen it Boun. It hie der sûnder net kind.

Tige tank ek oan Jitske Kingma: wy binne fan

bernetekening nei skilderkeunst promofearre

Tank ek oan Bijzonder Druk. It wie "bijzonder".

Tank ek oan us eigen meiwurkers.

It bestjoer stiet op in promo-plak of it efterblêd.

Mar tige tank oan Aldert Huisman,

oan Anneryk Koopmans

oan Thea Koopmans

en oan alle minsken dy't ik no fergetten ha.

Fan de bestjoerstafel

Hoe no fierder????

In pear jier tebek ha wy yn ôfwiking fan ús karbrief ôfsprûtsen en fêstlein op in jiergearkomst: "Wy geane troch mei de Krite salang't der leden en sinten binne".

Mei it jubileum hiene wy hope dat der noch wat jild oerbliuwe soe. Dat is spitigernôch net sa.

No soene wy as bestjoer sizze kinne -- koart troch de bocht -- it jild is op en dus hâldt de Krite op.

Der is noch genôch for novimber 2024 en jannewaris 2025. It is net oars.

Wy binne fan miening dat de leden it lêste wurd ha. Dat betsjut dat wy op de gearkomst fan 2 novimber der mei mekoar oer te set kinne oer de fraach "Wat wolle wy?".

Wy kinne noch wer in jier ledejild freegje en wer in programma meitsje. It sil net oan it bestjoer lizze, mar is $40 \text{ (leden**) } \times \text{ €}25 = \text{€}1000$ genôch foar 3 jûnen?. As wolle wy mear betelje. Op 2 novimber kin it allegearre oan'e oarder komme

It wurd is oan'e leden.....

** Sûnt it breamiel 2024 ha wy 3 generaasjes út ien famylje as lid (mem, dochter en bernsbarn). De jongste is 23 jier. Wa wit is der hope.

In leaf lyts boekje

Ryp en Grien

It begjint mei de fraach wêr't it begjint. By de hin as by it aai? Begjint it by ús jubileum? As begjint it by it iepenloft spul yn Spannum?

Foar my hjitte de Krite "Waling Dykstra". Ik wist net oars en ik wist net better. It iepenloftspul yn Makkum makke my nijsgjirrich. Der wie fêst mear te witten.

Ik skille mei Waling Th. Dijkstra. De foarsitter fan de "Waling Dijkstra Stichting" Hy wie fernuvere. Hy wist net dat wy bestiene. Ik snapte dat wol. Wy bestiene ek noch mar in lytse hûndert jier. Sa begûn it baltsje te rôljen. Abe de Vries die in promoasjeûndersyk en dêr wie professor Jensma by

belutsen. Aldergelokst seach it “Keninklik Frysk Boun om Utens” it belang fan dit ûndersyk ek yn en sette it op it programma foar de AG fan 2024.

By ús moast der in boekje komme, in leaf lyts boekje, dat fan in hoeke fan in boekenplanke jin oan knypeaget mei: “Ik bin jûn fan dy”. Sa koe elts lid strune troch in iuw krewearjen fan freonen en goekunde. Boppedat op’e nij de Fryske keunst en kultuur opsnuve. It bestjoer wie ienriedich: it boek moast der komme. It moast der ek ta dwaan. It moast nivo ha**.

Doe kaam de fraach: “Wa moat it dwaan?” Dat moast wol losrinne. Ferhalen wiene der genôch en der wiene ek wol minsken dy’t in pinne fêsthâlde koene. Doe kaam de tiid om’e hoeke en it ferrin. It ‘gewoane libben’ fan eltse dei. Berikberens. In skriuwer dy’t 400 km fuort komt te wenjen. Minsken dy’t siik wurde en der ôfreitsje.

It boekje stie op’e priemmen en soe ôf. De foarm feroare nei’t de tiid ferrûn. Lykas wy thús seine: “Wa’t it wit, mei it dwaan en wa’t it docht mei it witte”. Sa groeide it boekje nei in polychroom dokumint. In spegeling fan’e Krite. De iene mei geef frysk dy’t gjin skrapke ûntgiet as hy in tekst behoffenet. De oare dy’t nei trije kear oerlêzen noch in bûnte tekst fynt. Wer in oar dy’t op’e krite komt om it Frysk te learen. In fjirde dy’t digitaal oerset en skriuwt dat “der in trio kaam te boartsjen”. Al dizze minsken fine jo yn ús boekje. It seit himsels dat der wol in stofkaam oerhinne gien is. Wat bliuwt is de leafde foar de Fryske taal en kultuur.

By us te keap foar €15. Earste útjefte (op is op).

** Faaks binne der mear kriteren dy’t dit bekind foarkomt. Ek foar harren is it boekje te keap.

** Mei grut respect foar it mânske neislachwurk “Friezen yn’e frjemdte” fan Hâns J. Weijer dêr’t wy ‘mei tastimming’ in passazje fan side 165 oernimme mochten.

YN MEMORIAM


Paulus Klaas Hoekema
Ljouwert, 21-10-1931 - Meppel, 7-2-2024

Aginda 2023

Mear ynformaasje by it bestjoer en op ús webstek

- 02 – 11 – 2024 Hjerstjûn “Klaes Westra – it komt wer foar it ljocht”
En diskusje oer it fuortbestean fan de Krite
- 18 – 01 – 2025 Jiergearkomste. Opheffen of dochs net?
Sippy Tigchelaar fertelt oer har boek
“Schipper vrouwen”.

Spitigernôch is ús Grinslanner susterferiening yn Meppel, de Grunneger Club “Aigen-Haimers”, der mei ophâlden. It wie altyd in goede gearwurking, leden wiene oer en wer ek altyd wolkom.



In lyts leaf boekje: 100 jier Krite Waling Dykstra (yn kleur)
By ús te keap foar € 15. Ek te keap by útjouwerij Elikser fan Jitske Kinga.
www.elikser.nl/webshop/

Herman Jubbega




Blankenstein 520 MEPPEL

0522 - 24 25 25

www.hermanjubbega.nl

SINDS 1925

PASVEER



Meppel
Heerenveen
Sneek
Drachten
Emmen
Zwolle

En 24 uur per dag
Pasveeronline.nl

SELSKIP “WALING DYKSTRA”
MEPPEL E.O.

KONTAKTADRES:

Veendijk 37, 7971 RP HAVELTE
walingdykstra@kpnmail.nl
www.walingdykstra.frl

BESTJOER:

Ludzer van der Schors, foarsitter
Veendijk 37
7971 RP HAVELTE
till. 0522 – 49 23 63
e-mail: l.vander.schors@hetnet.nl

Edzer Kooistra, 1e ponghâlder
De Logten 13
8431 KR Easterwâld
till. 06 – 44 86 07 35

Leny Altena, karkommisje
Bezettingslaan 78
7943 CN MEPPEL
till. 06 – 52 69 73 40

Romke E. Egbers, skriuwer
post: sjoch it kontaktadres
till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1
e-mail: walingdykstra@kpnmail.nl

Menno Fleischer, 2e ponghâlder
Grote Oever 156
7941 BJ Meppel
till. 0522 - 859233

Aldert Huisman
(gjin bestjoerslid)
Prins Hendrikkade 197
7941 MD Meppel

Kritelûd
Kopij nei:
walingdykstra@kpnmail.nl
of per post:
Veendijk 37, 7971 RP Havelte

BANK fan de Krite
IBAN: NL35 RABO 0341 8122 93
BIC: RABONL2U
op namme fan “Waling Dykstra”

Keamer fan Keaphannel: 04061102

IS JO BUORMAN AL KRITELID?